

## Taspraak 4 maaie 2021 - Boargemaster J.G. Kramer

It is 1942 en lytse Freddie Senator út Amsterdam is 5 jier âld as syn heit him dan op in moarn hastich nei it treinstasjon bringt.

Freddie fielt oan alles dat it net doocht. Ynstinktyf beseft hy dat hy syn heit noait wer werom sjen sil. Hy wurdt op de trein set en wit net wêrhinne.

Nei wat omwegen bedarret hy uteinlik yn Holwert. By de famylje Visser. In jonkje fan 5 jier. Samar út Amsterdam. Midden yn Holwert. Sûnder heit, sûnder mem of wa dan ek.

Fred Senator is no 84 jier en wennet yn Sutfen. Yn de spesjale rige oer ûnderdûkersbern yn Leeuwarder Courant en it Friesch Dagblad werinnert hy him de tiid yn Holwert as in fijne tiid. "Ik ben nog altijd dankbaar voor de manier waarop ik de oorlog heb overleefd".

76 jier lyn waard in groep minsken bewust útsluten, opjage en oppakt. Om se te fermoardzjen. Omt se, om ien of oare reden, oars wiene.

Foar lytse Freddie wie dêr de famylje Visser. Hja diene wat eins net fan harren frege wurde koe. Sy rônen in heech persoanlik risiko en net inkeld foar harren sels, mar ek foar harren gesin en bedriuw. Ek mei de eagen fan dizze tiid kinne jo net mear as in djip respekt fiele foar de yngeand minslike died fan de Vissers om Freddie in plakje yn harren hûshâlding te jaan.

En fansels, as hja harren buorlju en oare doarpsgenoaten net fertroud hiene dan hiene hja it winliken net dien. Sa'n Amsterdams jonkje ynienen dêr op Holwert, dat moat dochs guon grif opfallen wêze? Mar men hold him stil en namen it jonkje op yn harren mienskip. De tinkbyldige earmens fan de mienskip sluten harren om Freddie hinne en Freddie waard ûsichtber.

In Afrikaanse sizwize seit: it takes a village to raise a child. Dêrmei wurdt bedoeld dat de hiele mienskip fan minsken op in doarp der foar soargje moat dat bern omgean leare mei harren omjouwing. Yn it gefal fan Fred Senator kinne we mei in lytse knypeach sizze: it takes a mienskip to save a child.

Gelokkich wurdt no net mear systematysk jage op in groep minsken om harren te fermoardzjen. Mar it utsluten fan minsken, it oproppen ta haat tsjin beskate befolkingsgroepen, it fersprieden fan saneamd nepnijs en it oanwakkerjen fan yntolerânsje bin noch hieltyd – slim genôch – oan de oarder fan de dei.

En de opkomst fan it internet en de social media spylje hjir net swak yn by. En Corona fansels.

Minsken fiele har ûnwis, of net begrepen. Minsken wolle harren uterje en guon dogge dat troch oaren yn de hoeke te setten of oan te fallen. Minsken mei in oar leauwen, in oare hûdskleur, in oare seksuele gearardhyd of wat dan ek. En yn de digitale wrâld is der gjin mienskip dy't minsken opnimt en ûsichtber makket.

Wy kin dêrom hjoed en no leare fan de famylje Visser en fan it doarp Holwert yn oarlochstiid. Wat we noadich hawwe is dêrom mear Mienskip yn dizze ûnwisse tiiden. In mienskip dy't yn hâlden en dragen, yn de gewoane deistige gong fan saken, syn minslike gesicht oerein hâldt.

Sadwaande koe Freddie de oarloch wol oerlibje, fanwegen de mienskip. Mar dy mienskip miste hy syn lettere libben. Hy moast himsels mar rêde. "Na de Oorlog kreeg ik de klappen die ik in de oorlog gemist heb" seit er no.

En dat jilde ek foar de minsken dy't werom kamen út de kampen, of út Ynje. Minsken dy't alles kwyt rekke wienen, mar net de support krigen fan oerheid en mienskip dy't hja doe nedich hiene.

Mar ek ek no bin der minsken dy't stipe fan de mienskip nedich hawwe. Mohammed út Syrië, of Mark dy't earst Maaïke hjitte. Of Steven dy't fanwegen de Corona iensum en angstich is. Of Hester dy't op social media ûnderúthelle wurdt...

Dus, of it no oarloch is of frede. It 1942 is of 2021.

Wy hawwe mienskip noadich. In iepen mienskip, dy't minsken opfangt en yn hun wearde lit, de swakkeren heint en noedet, in mienskip dy't dielt en net feroardielt.

In mienskip foar Freddie,  
in mienskip foar jo en my,  
in mienskip foar ús allegearre.